

Hewwy dát

Tsjisse Hettema
fersen

Aafje Bouwer
viltwark

Hewwy dát

*Opdrengen an
Vroukje Bouwer-Houtman*

Hewwy dát

Tsjisse Hettema
fersen

Aafje Bouwer
viltwark

FF

Utjouwerij Frysk en Frij

Dizze útjefte is mei mooglik makke troch
Boersma-Adema Stichting
Feitsma Fûûns fwar it Frysk
Stifting Frysk Letterkundich Museum en
Dokumintaasjesintrum
Juckema-Sideriusfonds
Douwe Kalma Stifting
Wendelaer Bonga Stifting
Stifting Arjen Witteveen Fûns

Hewwy dát

fersen en viltwark

© 2021-2022 Tsjisse Hettema en Aafje Bouwer, Frjentsjer

Foarmjouwing: Frysk en Frij Utjouwerij, Ljouwert

Opmaak omslach: Jurgen Jasper, Wijchen

Tarieding opmaak binnenwurk: Peter Venema

Opmaak binnenwurk: Evelien Veenstra, Apeldoorn

Printwurk: CSL, Ljouwert

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein
yn in automatiseard gegevensbestân en/of iepenbier makke
troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker oare wize
ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Utjouwerij
Frysk en Frij, Vredeman de Vriesstrjitte 59, 8921 BS Ljouwert.

This book may not be reproduced by print, microfilm or any
other means, without written permission from the publisher.

NUR: 306

ISBN/EAN:978-90-8566

www.frysk-en-frij.nl

FF

Utgjouwerij Frysk en Frij

YNHÂLD

1. Lentegedichien	11
2. Et locht en de wiend*	13
3. Et virus*	15
4. Ondergaank*	17
5. Oesters	18
6. No't it libben	19
7. Griene seadde	20
8. De eagen fan de alsjende roek	21
9. Kriichsfolk*	23
10. Dweile hel*	25
11. Ropsyl	26
12. Ik bin hjir	27
13. Perron	28
14. Betize	29
15. Ferwêzen	30
16. Bylden smite	32
17. De appèlmeester	33
18. Speaketsjil*	34
19. Sulveren rêch*	37
20. De man	38
21. Set de lichter	39
22. Myn foarholle*	41
23. Yngewant*	43
24. Sodersthorf	44
25. Gysbert X	46
26. Ruïne	47
27. De bakker	48
28. Ôfgeand tij*	51
29. It muorke*	53
30. Simson-motyf*	55
31. Donkere bosken hier	56
32. Ik haw dy sjoen	57
Beskriuwing filtwurk	58
Kolofon	60

LENTEGEDICHIEN

vandaege is d'r een vlinder
op mien gemoed
daele streken
hi'j laot de slotten eupen breken
van mien winterse kertier

en toen et eerste zunneloct
naor binnen sleup
en ik verrast
naor buten leup

mien boemzend hatte
driefft de spot
mit mien pepieren
gekwattel
van vlinderlicht gewicht

doe raekte ik daonig
van 'e wies
mien wanstaltige buuk
en mien lizebossien hoar zo gries
zo gries



ET LOCHT EN DE WIEND

et locht en de wiend
daansen
om et huus op 'e rots an 'e rane
iets
verglietet van zwart naor gries in mi'j

ik wil daor ok
daansen om mi'jzels
as een woepsterd altemis
in de stokken te hoolden

de uutbundighied van kleur
de ruimte van et huus
de trappe die opstiegt uut mien heufd

de rots hoolt alles verrassend strak
bi'jmekeer
et snoert mi'j in tegen de kaante
wat et inhoolt
ik zuke et smalle pattien
dat langzem omhoge mien heufd omlegens trekt



ET VIRUS

et virus zuukt et waankel intellekt
en stikt
en stikt
et komt de dreger
ienienend over 't mad
zodat meensken niet meer voesken
maar verplicht mit mekeer
de haand lichten

ik zat allienig op 'n plein
en lichte een peer tegels deruut
mien voeten grevend
in 't opdreugend zaand
wottels kwammen bloot te liggen
een filigrein petroon van mien opsleuten leven

een mollerille
een spoor dwasover noar 'n sienematografies beeld:
veur mien neuze
een middelieuwske krudekappe
as 'n snaevel die de raffelege woarhied
eupen pikt



ONDERGAANK

ik zit in 'e baarm
krecht op tied

dat de hoogzeet'lende boer
veldheer
over dood grös
en dooie voegels

't naekte trekkerlief
invet
mit 't ofgriezen
van heur ervaringen

driefft mit de vloed
van de transietsie mit

ik trek mien bienen in
om deurgang te geven
an zien kop mit grieze aske
en zien aarms
inkrast
mit de tekens van de ondergaank

OESTERS

earne kinst it paad
noch weromfine
ûnder dyn fuotten

mei de nedige skepsis, bûkelje wy fierder

komme op in doarpspleintsje
huzen driuwkje trystich hinne en wer
achter yn gongen
galmet bline panyk

bern krûpe wei
mei trochsingele eagen
fan tiid
ferlieze wy ús yn de patroanen om ús komôf
útinoar te raffeljen

de freonskip falt útinoar
hieltyd fierder
oant it ús iepenleit

wy skoftsje op roastere bôle
it wjerljochtet tusken de tosken
en sjogge ússels weromkommen
as tichtsleine oesters

NO'T IT LIBBEN

no't it libben him hyltyd mear
gearballet
yn sellulêre kringgefjochten

no't glêde hûd
ôfglidet nei ribbelkarton

resoneart it ferline yn optochte taal

kulmineart yn it sykjen
nei wurden fan
roubeklach
en selsmeilijen

alles komt foarby

ik haw in pinne
en in stim
en in roerleaze angst om dat te dielen

GRIENE SEADDE

ik haw de griene seadde boppe yn
de holle
dêr't de kontent
samar fan ferwaait at hy ôfstutsen
en brûkt wurdt
op fersierde weinen

op de nominaasje

om de skossebrot
xtra
op te skodzjen

want myn holle is in rotsjende par
ûnderyn
dy't mar trochetteret

hielendal as it oer jeugd
en preehistoarje
giet

gjin wierheid sûnder rottige kanten
want de feestwein
dindert fierder
yn de rige fersierde leugens

DE EAGEN FAN DE ALSJENDE ROEK

de eagen fan de alsjende roek
heine my
en bêdzje my
del

yn myn neakene steat
haw ik neat
yn te bringen

al ringen
klinkt it sinjaal
snijtafel-elektroanika

stadich klimt it flearmes
heger
yn my

de roek
wjukkelet
om my hinne
en krizet
meie wy jo reänimeare

dat se my alle triedden
fan it liif lûke



KRIICHSFOLK

ik sjoch allegear kriichsfolk
oan my foarbygean
links en rjochts
fan my

alles rint trochinoar
elkenien hat in oar slachfjild
foar eagen

dêr tuskenyn
tusken troch
rint in jonge man
yn in wyt pak
út in film fan Antonioni
op it toskaanse plattelân
rjocht op my ôf

sjocht er de driging net
om him hinne?
rint er yn in oare realiteit as mines

ik wol him de hân rikke
dêr't ik my oaren mei fan it liif hâldt

mar wy rêde it net
hy rint my foarby



DWEILE HEL

ik bin in bern
út fjouwer pleatsen
mei de konten neiïnoar ta
dêr't it doarp mei begjint

dan de doarpsstrjitte
dat al oarloch is
mar dat moatst leare
as bern

bûtenút de âld seedyk
is in grime
útfal nei de iuwen

yn de delling fan de dyk
graaft it bern
in stelling út
foar de frede

wêrom net
yn de fuorgen
fan it moargen Reade Robinia's

of dêr't buorman
syn giele kûgels
sprute lit

turvjend de haadline fan syn wurk
makket it him neat út

dy dweile hel
kin allinnich djoere wite reek
komme

ROPSYL

it is heech wetter op Ropsyl
sa
dat wy ús ferbûn fiele
mei de fiere djipten
fan de oseaan

sels de skiere iel
út de Saragossasee
komt hjir
om
oer de dyk hevele swiere wurden
werom te nimmen

ús eagen
dy't it ljocht hjir mar kwalik ferneare
wurde oan 'e kime
rêdingsboeien gewaar
om drinkelingen fan it ljocht
op in eilân te hisen

IK BIN HJIR

ik bin hjir
yn Noard Nederlân
ik hingje oan
sleatten en kanalen

de terpen bringe
harsels yn kaart
en ferswije it leafst
de doarpen dy't se drage

ûnder har weisûgd
biedt dit lân sûnder
minsken
syn hertslach oan

yn in spagaat
triuw ik beide fuotten
troch in droechleine kultuer
en waarstove waadsân

it paad oer it lege dún
nei it thúshiem

út bêden tusken beammen
ferrize de brulloftsgongers

fertize as fanâlds
yn de smelle tongen
fan it fertier

de butler hat skjinne lekkens
op bêd lein
los fan alles ûnder
de faam en hy skikke de hannen
gear

PERRON

op 'e perrons hastige minsken
nei de útgongen

earen klam tsjin de holle
plakt

gjin feestgongers
dy't har lêste drinkliet
ferwaaie litte

mei gemak tilt de trein
har
it etos yn
fan de boargerplicht

soest se
even de earen

de tearen
út de aktetaskes

yn 'e aktetaskes
it gemiddelde fan
in útdaging

of nei ôfrin even
daging smoor

BETIZE

betize as fanâlds
aaie hannen
de smelle gongen in lânskip
lustfol útinoar
dêr rikke earms in lingte seedyk
ta ús foldwaan

oer eagen
leit net te rissen weemoed
klear

de frou foar him spielt har gesicht ôf

ûnder har hannen
rint bloed
by de wangen del

se kin net loskomme
seitse
witse
litse fiele

harsendeade skimen bewege
ik stean
spion mei in boadskip yn de grille eagen
dit gedicht in eilân

FERWÊZEN

frou yn 'e boat
noeget my út
ta in dûns
op licht wetter

in nij lânskip
tovert jokers op it strân
dy't dwilerich mei bekkens slaan

oer it hier
opstutsen
leit gefaarlik
net te rissen
weemoed klear

wannear't ik ea in frou mear begeard haw
dan moat it yn dizze maitiid
dit dry season-waar
west hawwe

ik hâlde har wat ferwêzen
fêst
en wist net wêr't ik bite moast

se lêst my yn út myn eigen pupillen
dy't op har iepenst binne
te sizzen
iepen foar alles watst mei my wolst:
dyn hân op myn krún
myn hân yn dyn achtertún
te sizzen
dat der in stoarm opsteckt ergens

sa krekt op it momint dat se de poat
noch stiif hâlde wol
slaan ik dûbeld ûnder har geweld

se leit
neist my as in blok

in see oan arguminten
weacket him los yn my
mar ik wachtsje ôf

of dat se fuortdreaun
op 'e floed fan har iene hânbeweging

oanspield is
op sompige grûn
dêr't myn arguminten
gjin hâld mear hawwe

BYLDEN SMITE

troch de galmgatten
troppet
in boskje huzen
ta ferkrommele lânskip
gear

der dûnsje fleurige
huodsjes mei de linten
fan it geloof
tusken de grêven
oant de swiere doar falt

gleone eagen longerje nei
binnendoar

drift en lust
yn syn meast
primitive faze

út it sicht fan feestfieren
binne strakke truikes
útdien
en fertrommele neist de bank
telâne kommen

dan begjint it sjongen
yn opskode rokken
in mûle dy't op in kier stiet
flappen klikkebikke
ûnder de frjemdste hoeken
byinoar

wy wiene kommen om te sjen
hoe't oaren dûnsen
no dûnsje wy in frjemde yllúzje bleat


DE APPÈLMEESTER

hy stekt syn beide hannen út
de appèlmeester
syn fûle blik
ferriedt it ien en oar
dat ynwindich
útwindich hast ûntploffte lit

it deistich ûnrjocht
fret syn eagen út
hy soe se fuorttriuwe
en tagelyk omearmje
wolle
dy kliber fertrape gravers
fan neat

neat om de gatten yn har libbens
mei te stopjen

in swarte bmw
mei iepen dak
se wuive nei ús
sittend op 'e sokkel fan it monumint



SPEAKETSJIL

myn foartsjil kreaket
tusken de rigen balstientsjes

skean boppe ús
nei in oare tiid
winkt de wyn
fan noch foar it begjin fan de jiertelling

dat op it speaketsjil fan de terp
op de úteinen
de ferskillende tiidrekken fêstgaspe binne

it boskleaze
lipranke lânskip
longeret op better tiden
tuskenyn myn tosken sizet it wetter
stadich fuort
al dy iuwen lang
en bliuwe dizze bulten
oerbeslein mei lytse stientsjes

der klinkt in soarte fan
sinjaal
fan in ferhege bewustwêzen

om byinoar te kommen
de oprop fan de doarpsâldste


syn teory fan de beïerdiging fan de fallen striders

yn dat alhiel
lege lân

lis se gewoan foar waar en wyn
op de skieding fan lân en wetter
en de goaden sille har
it neisteby
wêze en bliuwe

en sa ek
ús

sjoch se lizzen
en fuortdriuwend op it tij
it wij-wetter fan de hope



SULVEREN RÊCH

ljocht spat fan de sulveren
rêch fan 'e rivier
floerber wrakseljen om treast
dach swaaihân út it wetter omheech

wy dwale troch it reidfjild
nei tsjustere grûnen
in ûnbegeanber paad wurdt in warskôging
it reidfjild wurdt tichter
it praat wurdt skjinner
yn 'e risseljende klanken
kinst noch wat fan taal ûntdekke

de paden rinne
skean
oerinoar hinne fuort

wurd ik weitôge troch it labyrint
fan har ûngewoane libbensstyl

de spoaren
rinne
inoar yn 'e wei
en wer opinoar ta

do hast mar in fingerhoed
noadich
seit se
om mei te fielen

doch it net
smeeke ik
lit ús de spoaren opnij besjen
en útinoar tiizje

skoddet se de holle yn beide hannen
leech

DE MAN

de man rint op hûs oan
ûnder him trillet it lân
nei in nije oardering

in helm soe er hawwe moatte
mei de modernste middels
om de rûs fan midsiuwske wettergongen
benei te kommen

woartels lizze neaken
boppe de grûn gûle de beammen
fol yn blêd
neist djippe kraters

patroanen sjitte hinne en wer
troch de holle fan de egalisearder
doof tinken rommet elk gefoelich lûd

sa moai linich lit
hûnderten jierren skieding
him oan kant skowe

gjin punt

SET DE LICHTER

In Memoriam Bauke van der Leest (1928-2020)


set de lichter in tikje
heger
en dan
hjiir presiis ynride
oant
sis mar
hjiir

de wyn ferwaait syn wurden tusken de griene loffen
de ôfbiten wurden
falle yn stikjes
yn bakjes dy't
teld wurde sille
yn opsteapele farianten

de nûmers en de letters
foarmje
in ferbining nei
in takomstich bestean

it is de baas
de wurden
in tikje op te lichtsjen

en dêrûnder it belang
fan heal ferwaaide
wurden
yn boeken as ploechizers
werom te finen



MYN FOARHOLLE

myn foarholle
hat gjin wurden

ja, myn gesicht jout miskyn
útdrukking oan
it kriemen fan myn noas

de sinne sipelet sa
troch teisters de tinne bylden
leechte is in wurd
yn de eagen fan de minsken

moatst fiele
hoe't dat wurd
fan dyn gesicht
ôfsakket
nei de skouders

moatst skruten sjen
nei eagen dy't út it ûnwennige wei
dêr't elk frij is om te kommen en te gear

se lêze my út
nei in ûnbekend achterlân
dêr't wy elkoar ferlieze
oan de tiid

dagen glydzje
as fansels
by de ferwettere mûle
lâns om delplante
de mûlshoeken nei ûnderen
te lûken

in dei
reauntet de siele sa



YNGEWANT

myn swittrige yngewant
skrabet
in eintsje muorre ôf

der komt in letter foar 't ljocht
en noch ien
mar ik kin se net lêze

it is út in
frjemde tiid
dat letters gjin betsjutting hiene

tsjin it nachtkastje
ketst
myn helpkriteren ôf

it keart de muorre fan stadige ferwiten
net

as soest hjir al net mear hearre

de puntige panelen fan panyk
smoare alle replyk

dêrom raas ik my in útwei om werom te kommen

SODERSTHORF

út de buorren
streame stimmen
stadich
nei de rivier

de stientiidgrêven
yn 'e krûming
tidigjend op letter

hy wol nei it eilân
mei de reade linten

útsein in inkelde
fokusswiere fûgel
dy't om en om 'e tûken
giselet

leit dêr in wrâld fergetten
is er
wach

de hân
wurdt as driuwsân
út it liif
ferbean
op 'e hûd
no

gjin magyske formules
hy strykt
sidesacht
it gesicht op glâns

oer har havene hannen sjit in flak ljocht
om âlde skuld teplak te ritsen
stiennen muorren herkenne dat

se slikje inoar de rûte ôf
dy't har lânskip nimt

myn gemoed
hat gjin weet fan 'e sinne
op al har binnenwettters

út al har registers oargelt
wetter

de ferbazing
dan wer fjoer
in reade stoarm leit op 'e loer

GYSBERT X

het gien tied
om een kompesisie
van zien warkelikhied
op riespepier te zetten

zien kepotte hatte
slaot te pletter op 'e kliffen
waor as popsongs overhenne
flatten

hi'j raekt de grond
mit zien duuster wezen

hi'j het een penne en een stemme
en een roerloze angst om dat te delen
driefft de tonen van zien liet
een duvelspakt
hoger

skaekelt zien leven
op naor een dissonant
dat 'm in weer wat anders
een wegmaekt labyrint

uut die tied verleuren
driefft zien piene
omhogens
en slaot weer daele
in oonze tied

waor heurt hi'j thuus
master X

RUÏNE

it opsternate reiske
dat wy meitsje

lot
dat wy diele
mei it omlizzend lânskip
floeber wrakseljen
om treast
makket it hert weak

weakket wat los
yn 'e holle
in foarm, in wurd, in blik

hûkearzijend
ferpeazgje en ferpizelje wy
by it luchtgat
om kredyt by de lêste bewenners
fan dit hûs

om dit plak, dizze ruïne
yn te nimmen
moasten wy in brêge oer
fan keunst en moaie sinnen
en doe joech it har
noch mar moeilik

yn 'e ruïne leit in grêfstien
te grabbel
fan 'e sokkel lutsen

DE BAKKER

de bakker
dy't op syn koekedaai
omstammeret

op knibbels leit er
ûnder de baktafel
yn it stof
fan de flier in figuer
te knetsjen

dan stookt in âlde
psalmberiming
it krusige hert
heech
yn him op

sjocht er út it rût wei
syn frou
de ruten dwaan

yn 'e finsterbank
sjocht er har hannen

elke beweging
in tongerslach

troch de seismobolle
binnenkant fan syn holle
wjerljochtet it

oer har havene hannen sjit in flak ljocht
om âlde skuld teplak te ritsen

syn gemoed
hat gjin weet fan de sinne
op al har binnenweters

út al har registers oargelt
fjoer

de ferbazing
dan is 't ek al wer oer



ÔFGEAND TIJ

it is ôfgeand tij op 'e heide
wy
fertize yn definysjes fan in ûnwaarsstimming
op in paad
in lang-begêrre paad by de gatten om ticht
dat alles net sa lekker sit

it draketou oer de dyk
draak tutet izerwang
rost sân oer nuver teken

wat is wier en wat net
de dei docht net mei it is miskien
it jier dat ik dy tsjinkaam
sa hurd giet dat

wy dangelje by in koardsje lâns
dat is ús tragyk
út ús toer wei
in grafyk tekene fan de misêre

itselde paad
by de ôfgroeven hichte lâns
de jiske fan de fjoeren nachts
sjoch hoe't se inoar stoatskaavjend ûntwike
begluorket de dimmene figuer



IT MUORKE

it wie in muorke fan neat
in oerbliuwsel fan in muorke
fan in ruïne

ik sprong
en ûnderwilens
rekke myn skaad har skaad

mar ik joech har
gjin hân om te helpen

ik seach
links en rjochts
de sinne en it skaad

har skaad waard myn paad
nei ferpeazge ferlangens
in domdryste jeugd
dêr't ik de details fan witte woe
ik stoarme wer
dy muorre fan ferlerne langstmen tsjinop

se stuts har hân út
yn in myld skynsel
lake se nei my



SIMSON-MOTYF

tusken twa beammen
stiet in krús

heal yn 'e sûs sjoch ik
it simson-motyf
twa útstutsen earms tusken pilaren

ik bin it sels
ien fan dy beammen
dy't himsels
omtriuwe lit

de oare beam is myn freondinne
dy't evenwicht snijt
út hout

it equilibrium fan har leafde



DONKERE BOSKEN HIER

donkere bosken hier weve
op en del
krekt boppe de kime

in gat yn myn ûnthâld is
wêr't dat wieljende fiergesicht
my foarset wurdt

út de skiednis fan dit gea
wei
dûke sa gjin mooglikheden op
of
it soe wêze moatte dat ik juster
yn 'e romte
my
dy tsjusterens dreamde

doe'tst ûnder my leist
mei it hier omheech

it pikerich ploegjen datst diest
op goed gelok omheech seachst
nei wêr't ik bleaun wie

myn priis yn 'e eagen
stiif ferwaaide fraachtekens
oer it hoe fan dit momint

IK HAW DY SJOEN

Ik haw dy sjoen
fan 't begjin ôf oan
hoe'tst rekke wiest troch de slang
en syn fertoan
fan respekt en wearden

it lytse wurd yn minsken
dellein
foarmet altyd wer
in eigen begjin en ein

dêrsto dryste skepper
in ferhaal fan makkest
mei filten en mei weven

de lytse keningen klaaid
yn klean fan goudtried of sulver
of in miks
se sille dy alle ferhalen weromjaan
yn dyn moedige hannen
yn uzes allegear

BESKRIUWING FILTWURK

2 Et locht en de wiend

Merinowol, wol fan it stienskiep, katoen, wollen tried
28x16 sm.

3 Et virus

Merinowol, side
14x16 sm.

4 Ondergaank

Merinowol, ferve ponzjeeside, borduerjern, wollen tried
22x24 sm.

9 Kriichsfolk

Merinowol, ûnderskate fezels
24x26 sm.

10 Dweile hel

Merinowol, wollen tried, borduerjern
35x25 sm.

18 Speaketsjil

Merinowol, ferve ponzjeeside, chiffon, tule
42x23 sm.

19 Sulveren rêch

Merinowol, ûnderskate fezels
32x18 sm.

22 Myn foarholle

Merinowol, borduerjern
24x27 sm.

Yllustraasje op omkâft

23 Yngewant

Merinowol, ûnderskate fezels, borduerjern

23x22 sm.

28 Ofgeand tij

Merinowol, wol fan it stienskiep, ûnderskate fezels

30x28 sm.

29 It muorke

Merinowol, ûnderskate fezels, borduerjern

23x17 sm.

30 Simson-motyf

Merinowol, ferve ponzjeeside, chiffonside, skieppefachtkrollen

50x44 sm.

KOLOFON

Fan Tsjisse Hettema (Bitgum 1955-Frjentsjer 2021)
ferskynden koarte ferhalen yn de literêre tydskriften
Trotwaer en *Hjir* en yn 'e jongereinbondel *Skroei*.

Dichtbondels:

Tsi tsi, eigen behear, 1995

It eachmyt fan de simpele rider, Koperative Utjouwerij,

Boalsert, 1999 ISBN 9789065703217

Heebo Heebo - De leafde is as de mage fan in ko,

Frysk en Frjij Utjouwerij, Ljouwert, 2015

ISBN 978 90 8566 038 5

Tsjisse Hettema wie oansletten by it Frysk dichterskollektyf
Rixt: <https://rix.t.frl/dielnimmende-dichters/tsjisse-hettema/>

Aafje Bouwer (De Hoeve, Weststellingwerf 1957) wie
fan 2012 oant 2020 eigner fan in deibesteging weverij en
tekstylwurkplak yn 'e Himrik. Se hat dêrneist de twajierrige
opleiding Felt Artist dien oan 'e Dutch Felt Academy.

~~~

Van Tsjisse Hettema (Beetgum 1955-Franeker 2021)  
verschenen kotte verhaalen in de literaire tidschriften  
*Trotwaer* en *Hjir* en in de jeugdbundel *Skroei*.

Dichtbundels:

*Tsi tsi*, eigen behear, 1995

*It eachmyt fan de simpele rider*, Koperative Utjouwerij,

Bolsward, 1999 ISBN 9789065703217

*Heebo Heebo - De leafde is as de mage fan in ko*,

Frysk en Frjij Utjouwerij, Leeuwarden, 2015

ISBN 978 90 8566 038 5

Tsjisse Hettema was ansleuten bij et Fries dichterskollektief  
Rixt: <https://rix.t.frl/dielnimmende-dichters/tsjisse-hettema/>

Aafje Bouwer (De Hoeve, Weststellingwerf 1957) is van 2012 tot an 2020 eigener west van een dagbesteding weveri'je en textielwarkplak in 'e Hemrik. Ze het daornoast de twiejaorige opleiding Felt Artist doan an de Dutch Felt Academy.

Sjoch ek/Kiek ok:

- <http://www.tsjissehettema.nl/resinsjes/interviewHedwigTerpstra.html>
- [https://fy.wikipedia.org/wiki/Tsjisse\\_Hettema](https://fy.wikipedia.org/wiki/Tsjisse_Hettema)
- <https://www.sirkwy.frl/index.php/skriuwers/biografyen/37-h/120-hettema-tsjisse>





